Op 'e Skille is in útjefte fan Utjouwerij Bokma

7 jannewaris 2010 • 46ste jiergong • Nûmer 1

Fierôf socht is tichtby te finen

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Zonder stress op gewicht blijven

'Op in sûne wize ite en gjin honger ha en dochs ôffalle'

pagina 3 >>

Nieuwjaarsstunts in Littenseradiel

Takkenbultweg in Rien en gouden koe voor scheidende slager

pagina 3 >>

Succeskoppel wint weer liftwedstrijd

'Je moetsje hiel aardige minsken, dy't it spannend fine lifters mei te nimmen'

pagina 5 >>

Topdrokte op iisbaan yn Wommels

Topdrokte op de iisbaan yn Wommels. Dat it iis der op dizze baan prachtich by leit en dat it der gesellich is, wie rûnom yn de provinsje bekend. Sels út Amsterdam en Den Helder kamen de minsken om yn Wommels de redens ûnder te binen. Foar de Krystdagen wie de baan yn Wommels as earste en iennige yn Fryslân iepen. Soks wie te tankjen oan it warbere bestjoer fan de iisklub Winterwille. Mei man en macht waard de baan frij holden fan snie. Op de foto fan links nei rjochts Marco Kamstra, Annemiek Borger, Pieter van der Velde, Gerlof Ykema en Pieter Kamstra. Om de Wommelsers der op te attindearjen dat der riden wurde koe gong Pieter Kamstra mei de bel troch it doarp. It earste wykein fan 2010 wie in grut sukses. Sa kamen der ôfrûne snein neffens iismaster Ykema krapoan achthûndert minsken nei de Wommelser iisbaan om dêr te riden. Net allinne op it iis, ek yn de koek en zopie wie it gesellich. Mei stipe fan Resi Wooncentrum, A.P. Veldstra Hogedrukreinigers, A en R. Bouw, administraasjekantoor P. Valkenburg en Heeringa Interieurbouw binne inkele prachtige houten tafels en banken oanskaft. En fan de famylje Roel Abma krige it iisbaanbestjoer in poeiermolke-apparaat oanbean. Achter it apparaat steane de bestjoersleden Lenny van Putten en Gerlof Ykema. It sjocht der nei út dat der de kommende tiid noch in protte gebrûk fan makke wurde kin. En it winterke is ek goed foar it ledental fan Winterwille. Neffens Ykema binne der al fyftich nije leden.

Inwonertal Littenseradiel loopt met 10 terug

***Wommels* – Het aantal inwoners van Littenseradiel is vorig jaar met tien afgenomen. Op 31 december 2009 telde de gemeente 10.924 inwoners, een jaar eerder waren dat er nog 10.934.**

Daarmee is een einde gekomen aan de jaarlijkse groei. Vorig jaar nam het inwonertal nog met 49 toe, in 2007 ging het om een toename van 32 en in 2006 kwamen er in Littenseradiel 29 inwoners bij.

Maar niet alle dorpen hadden last van de krimp. Easterein heeft de weg naar boven weer gevonden. Met een toename van 25 inwoners voert het dorp de lijst van snelst groeiende dorpen aan. Op 31 december 2009 telde Easterein 969 inwoners. Ook Boazum, Itens en Wiuwert zagen het aantal inwoners flink toenemen. In Boazum woonden op 31 december 414 mensen en dat waren er zeventien meer dan op 1 januari 2009. In Itens nam het aantal inwoners met dertien toe en ging het aan het einde van het jaar om 241 mensen en in Wiuwert woonden op 31 december 255 mensen en daar ging het om een toename van elf inwoners.

Andere dorpen, die het aantal inwoners zagen stijgen, zijn Britswert (+1), Easterwierrum (+1), Hidaard (+8), Hinnaard (+2), Húns (+2), Jellum (+8) en Spannum (+4). In Mantgum nam het aantal inwoners in 2009 met zestien af. Op 31 december telde het dorp 1137 inwoners. Ook Wjelsryp zag het aantal inwoners met zestien afnemen. Winsum kreeg te maken met een afname van elf inwoners en in het hoofddorp Wommels liep het aantal inwoners met vier terug.

Op www.skille.nl is de lijst met bevolkingscijfers per dorp terug te vinden.

Dag en nacht op pad voor schone wegen

Winsum/Easterein - Dag en nacht zijn de mensen van de loonbedrijven Frankena uit Winsum en Okkema uit Easterein op pad om wegen en paden in de gemeente Littenseradiel begaanbaar te houden. Okkema neemt het zuidelijk deel van de gemeente voor zijn rekening, Frankena houdt de wegen in het noordelijk deel vrij van sneeuw. Voor de medewerkers van de loonbedrijven beginnen de dagen vaak al voor vier uur 's morgens en soms zijn ze 's avonds laat nog op pad. Er wordt dan ook in ploegendienst gewerkt. ,,Der wiene dagen by dat it de stroai-auto's mar twa oeren stil stiene", zegt Pier Frankena. Afgelopen week werd er in Littenseradiel 35 ton zout uitgereden. De berg zout slinkt, maar volgens Riemer Haagsma van de gemeente Littenseradiel is er voor de komende dagen nog genoeg om de wegen schoon te houden. ,,We hawwe krekt wer in nije fracht krigen." Voor de loonbedrijven, die 's winters het loonwerk sterk zien teruglopen, is het zoutstrooien en sneeuwvegen een prachtige 'ynstruier'.

Hinnaarders fiere in jier lang feest om nije brêge

***Hinnaard* - Ôfrûne jier is de brêge fan Hinnaard hielendal fernijd. Dat wie foar in tal Hinnaarders oanlieding om in rige feestlike aktiviteiten op te setten. Derom wurdt 2010 foar de Hinnaarders en minsken út de omkriten in feestjier.**

De earste bysûndere aktiviteit sil op snein 17 jannewaris (14.00 oere) plak fine. Dan komt histoarikus Philippus Breuker út Boazum nei it doarpshûs yn Itens om dêr wat te fertellen oer it lânskip en de tsjerke fan Hinnaard (benammen yn de Midsieuwen). Breuker besiket yn dizze lêzing te ferklearjen hoe't Hinnaard mei syn lân en pleatsen der eins sa hinne is komme te lizzen en besprekt ek noch it ûntstean en bestean fan de tsjerke fan Hinnaard troch de tiden hinne. Breuker hat eartiids skoalmaster west yn Itens en hat in soad nocht oan de útsikerij fan de histoaryske eftergrûnen fan ús Fryske lânskip.

Oare aktiviteiten, dy't op priemmen steane, binne in eksposysje yn de klokkestoel yn Hinnaard, in Hinnaarder Jûn yn april en in Hinnaarder feest yn de simmer. Dan sil de brêge ek offisjeel iepene wurde. Fierders is in groepje ynwenners dwaande om alde ferhalen fan en oer Hinnaarders op skrift te setten.

Djip Read: Sam een gouden greep

Wommels – De fractie van Djip Read in de gemeenteraad van Littenseradiel vindt de oprichting van de progressieve partij SAM een gouden greep. Djip Read beschouwt SAM als een uitstekende voortzetting van haar eigen gedachtegoed.

Rugklachten?!
www.sinneflecht.nl
! ! ! ! ! ! ! ! !

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig

Bergsma Easterein
Zaterdag
9 januari
Deadline
22.00 uur

Nog niet opgegeven voor het

Open Littenseradiel biljarttoernooi?

Dat kan nog.
Zie verder pagina 2